

Provinsjale Steaten fan Provinsje Fryslân
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Ljouwert, 13 maart 2018

Ferstjoerd, **13 MAART 2018**

Ús merkteken : 01500297
Ôfd/Opjefte : Frysk Kapitaal
Opsteld troch : M. Reitsma / (058) 292 89 68 of meindert.reitsma@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Moasje 1141, erkenning Biltsk

Achte Steateleden,

Mei dit brief ynformearje wy jim oer de útwurking fan jo moasje oangeande de erkenning fan it Biltsk (moasje 1441) fan 15 febrewaris 2017.

De provinsje hat him, yn gearwurking mei partijen út It Bilt, sterk ynsetten foar de status fan it Biltsk. Sa't jo witte is besocht om it Biltsk erkend te krijen ûnder Diel II fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden. Begjin 2016 is in stipeferklearring fan de provinsje meistjoerd mei de erkenningsoanfraach fan de gemeente It Bilt oan it ministearje fan Ynlânske Saken. Dêryn hawwe wy it belang fan de erkenning ûnderstreke en beärgumintearre op basis fan wittenskiplik ûndersyk.

De erkenning ûnder Diel II fan it Europeesk Hânfêst is ta ús spyt ôfwisd troch de minister, op advys fan de Taalunie. De Taalunie sjocht it Biltsk net as in aparte taal, mar as in mingfariëiteit fan de kultuertalen Nederlânsk en Frysk. Dialekten fan kultuertalen komme net yn oanmerking foar erkenning, sa hat de Taalunie yn it ferline bygelyks ek negatyf advisearre oer it opnimmen fan it Siuwsk yn it Hânfêst. Dat beslút ferskilt mei de konklúzjes út it ûndersyk *Seven perspectives on Bildts* (2015) fan de Fryske Akademy/Mercator.

Nei oanlieding fan de ôfwizing troch it Ryk hat de Stifting Bildts Aigene en it Europeesk Buro foar Lytse Talen yn febrewaris 2017 in petysje oanbean oan leden fan de Earste en Twadde Keamer, mei mear as 1.300 hantekenings. Ut de stipeferklearring en de petysje spruts soarch oer de posysje fan it Biltsk yn de nije fúzjegemeente Waadhoeke, dêr't de gemeente It Bilt sûnt 1 jannewaris 2018 yn opgien is.

Spitigernôch hawwe de Twadde en Earste Keamer neat mei de petysje dien en net dochs noch de erkenning fan it Biltsk ûnder it Hânfêst regele.

Wat wol realisearre is foar de posysje fan it Biltsk is dat der yn it foarste plak yn desimber 2017 in bestjoerlike oerienkomst Frysk taalbelied tekene is tusken it Ryk, provinsje en de nije gemeenten Ljouwert en Súdwest-Fryslân en de nij foarme gemeente Waadhoeke. Op 20 desimber 2017 hawwe wy jo op de hichte brocht fan it tekenjen fan dy oerienkomst (brief 01475985). Yn de oerienkomst wurdt beneamd dat it Biltsk in bysûndere posysje ynnimt yn it taelânskip en is oerienkommen dat Waadhoeke ynset op meartaligens, wêrûnder it Biltsk.

Twads is de provinsje yn oerlis gien mei de Taalunie en de Fryske Akademy om in ferfolch te jaan oan it advys fan de Taalunie. Der is troch de Taalunie € 10.000 beskikber steld foar de tarieding fan fierdere gearwurking tusken mingfariëteiten. Foar takomstich taalbelied is it wichtich om it ferlet fan de sprekkers yn kaart te bringen en mei harren te praten. Dêrom is der yn oktober 2017 in stúdzjedei op It Bilt organisearre. Fertsjintwurdigers fan de Fryske Akademy, provinsje en de ferskate fariëteiten hawwe dêr ynformaasje útwiksele. Troch in fragelist is ynventarisearre wat it taalferlet is by de fariëteiten.

Neist de stúdzjedei hat de Fryske Akademy in ûndersyksopdracht krigen om ûnder oare it ferlet fan de Biltse sprekkers fierder út te wurkjen. As dat rapport klear is, sille jim ynformearre wurde. Dat sil dit jier noch syn beslach krije.

Treds binne wy dwaande om it Biltsk yn it provinsjaal ûnderwiisbelied in goed plak te jaan. Yn it fêststellingsbelied ûnder de namme Taalplan Frysk wurdt eksplisyt omtinken bestege oan it Biltsk troch it taheakjen fan in spesjaal ûntwikkele streektaleblêd oan skoallen op It Bilt. Yn it fêststellingsbelied hawwe wy ek it stânpunt ynnommen dat streektaalûnderwiis lykwaardich is oan ûnderwiis yn it Frysk. Ek is der de ôfrûne jierren mei stipe fan de provinsje in ferskaat oan Biltsk (les)materiaal ûntwikkele foar yn de foarskoalske perioade en it primêr ûnderwiis. In grut part fan dat materiaal is digitaal beskikber yn EduFrysk fan de Afûk.

Ta eintsjebeslút jouwe wy de gemeente Waadhoeke ynhâldlike en finansjele stipe foar de ymplementaasje fan de taalwetjouwing. It inisjatyf leit by de gemeente om taalbelied op te stellen, foar benammen it Frysk mar ek foar it Biltsk. Mei de gemeente binne wy sa dochs dwaande om it Biltsk te boargjen en stypjen binnen de mooglikheden dy't wy hawwe.

Wy geane derfan út dat wy jimme sa foldwaande ynformearre hawwe en dat hjirmei de moasje as ôfdien beskôgge wurde kin.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Boultus - Riemersma, MBA MCM, sekretaris